

SKRIFTLIKE FRAGEN, ex artikel 41 Reglement van Orde

| | |
|-------------------------------------|---|
| Rjochte oan DS / lid DS | Douwe Hoogland |
| Ynljedende taljochting (fakultatyf) | <p>Al earder binne troch de FNP-fraksje fragen steld oer de situaasje yn it Drintsk-Fryske Wâld by Appelskea. Dêrneist is op 24 juny by it besprek fan de ramtnota in moasje yn'tsinne oer de situaasje. De moasje is ynearsten ynlutsen nei de tasizzings fan it Kolleezje dat 'de beheiningen fan paden yn it Drents-Friese Wold net méar wurde moatte. De deputearre sil der op oantrune dat de kommunikaasje dêroer ferbettere wurdt'.</p> <p>Op 28 augustus hat in grut tal fraksjes fan de Steaten in wurkbesite brocht oan Appelskea en dêr mei in stikmannich organisaasjes oerlein. It is ús dúdlik wurden dat de oast him yndied benammen sit yn it net foldwaande serieuus nimmen fan en de kommunikaasje mei de bedriuwen/organisaasjes út Appelskea en de ferskate brûkersgroepen, lykas hurdrinferienings en oriëntaasjegroepen. De ûntefredenens en ûndúdlikens oer de paden en rûtes liket dêr in gefolch fan te wêzen. De problemen wienen der neffens de belutsenen in pear jier lyn noch net, doe wie neffens de sprekkers noch sprake fan in treflike ferstânholding dêr't partijen elkoar oer en wer wat gunden. It liket ûntstien te wêzen troch it ynstellen fan de 'Stuurgroep DFW'. De situaasje is neffens ús no sadanich eskalearre dat der in strukturele feroaring nedich is om problemen yn de takomst foar te kommen. Dêrom hawwe de fraksjes fan CDA, FNP, GrienLinks, PvdA en SP in tal ferfolch-fragen.</p> |
| Fraach / fragen | <ol style="list-style-type: none"> 1. It Kolleezje hat op 24 juny tasein om de kommunikaasje te ferbetterjen. Hoe sil DS yn de mande mei oaren der oan wurkje dat it oerlis mei de ferskate brûkersgroepen fan it Drents Friese Wold (DFW) en de organisaasjes yn Appelskea en oare doarpen om it DFW hinne tenei struktureel boarge wurdt, dat hja harren serieuus nommen file? Is it Kolleezje it mei ús iens dat in fertsjintwurdiging fan dy groepen yn de stjoergroep en/of projektgroep DFW in te ûndersykjen opsje is (wat no net it gefal is¹)? 2. Is it Kolleezje dêrta ree om yn ien of mear byienkomsten mei fertsjintwurdigers fan Staatsbosbehear (SBB), bedriuwen út Appelskea en brûkersgroepen te organisearjen om de ferhâldingen wer rjocht te lûken en ôfspraken te meitsjen ta better oerlis en kommunikaasje? Sa nee, wêrom net? Sa ja, kin oan PS fan Fryslân weromkeppelse wurde wat de útkomsten west hawwe fan dy byienkomsten? 3. Is der al in takomstplan klear oer de úteinlike ynrjochting fan it DFW dêr't de balâns tusken natuerbehear en rekreatyf gebrûk yn dúdlik wurdt? 4. Kinne de leden fan PS ynsjoch krije yn dat plan? |

¹ <https://www.provincie.drenthe.nl/regionaallandschap/organisatie/projectgroep/>

| | |
|---------------|---|
| Yntsjinner(s) | CDA, A. Meekma CU, L. van der Pol FNP, S. Posthumus GrienLinks, J. Knol PvdA, H. Janssen SP, H. Goede VVD, E. De Vrij |
| Datum | 9 septimber 2020 |